

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Poepjes Behâld Waling Dykstra húske Holwert
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	De FNP-fraksje hat fan ferskate kanten fernommen dat it eardere húske fan Waling Dykstra silger noch altyd te keap stiet en fierder ferrinnewearret. Dat nei it berjocht ¹ ferline jier doe't der al it foarnimmen út de mienskip wie om it húske yn Holwert foar de takomst te behâlden. De FNP hat begrepen dat der in ûnrealistyske priis frege wurdt troch in ynvestearder (€79.000, wylst it in púnfal is). Dêrom sil der in trochbraak komme moatte omdat it húske no net allinnich in 'rotte kies' yn Holwert oan it wurden is, mar ek omdat mei it ferfal in hús fertutearzet dêr't in hiel wichtich skriuwer wenne hat. Dykstra wenne en wurke dêr fan 1861 oant syn dea yn 1914. Neffens ûndersyk fan Abe de Vries kaam fan al it Fryske opfierde toaniel yn de santiger jierren fan de njoggentjinde ieu sa'n 75 persint fan Dykstra. Fan al it Fryske opfierde toaniel tusken 1870 en 1900 kaam hast 30 persint fan Dykstra. Dykstra wenne en wurke dêr fan 1861 oant syn dea yn 1914. Yn it ferlingde fan it 'skriuwersarkje' fan Rink van der Velde wurdt dêrom foar it eardere wenplak fan Waling-om ek tocht oan in briedplak foar dichters.
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Binne jim op de hichte fan it fertutearze wenstee fan skriuwer Waling Dykstra silger yn Holwert? Sa ja, wat is jimme reaksje, út kultureel-erfskiplik eachweid besjoen? 2. Hokker mooglikheden sjocht it Kolleezje fan Deputearre Steaten om te besykjen it húske foar it neiteam te bewarjen. Yn gearwurking mei de Holwerter mienskip/doarpsbelang, gemeente en/of de literêre sektor? 3. Nettsjinsteande it feit dat it húske oan de Hegebuorren 8 yn ferfal rekke is, sitte ûnderhannelings tusken guon belutsenen út it doarp en de ynvestearder fêst. Hokker rol kin de provinsje spylje om út de ympasse te kommen?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Corlienke de Jong
---------------	---

Datum	17-10-2018
-------	------------

¹ <https://www.omropfryslan.nl/njys/731963-komitee-yn-oprjochting-foar-hus-waling-dykstra-yn-holwert>

